Riedsútstel

Ynformaasjekarrûsel	:	17 febrewaris 2022
Agindapunt	:	7
Status	:	Ynformearjend/fergaderstik
Program	:	Programma 5 - Sport, kultuer en rekreaasje
Ferfolch	:	Mieningfoarmjend/Beslútfoarmjend 3 maart 2022, agindapunt 19
Eardere behanneling	:	
Portefúljehâlder	:	Dhr. M. de Haan
Amtner	:	Mefr. D. Verbeek
Taheakke	:	1. Kultuernota Ut de kûlizen
Saak- en stiknûmer	:	Z2021-03542 / S2021-30694

Underwerp
Kultuernota Ut de kûlizen

Wy stelle jo foar te besluten om:
1. de Kultuernota Ut de kûlizen fêst te stellen;
2. it útfieringsplan foar kundskip oan te nimmen;
3. it restant fan de ryksmiddels koroanakompensaasje kultuer te brûken foar dekking fan it útfieringsplan 2022 en 2023, mei in maksimum fan € 75.000;
4. fan 2024 ôf € 7.000 op te nimmen yn de begrutting as dekking fan de strukturele aktiviteiten en dat mei te nimmen yn de earstfolgjende kadernota.

Koarte gearfetting
Mei de Kultuernota Ut de kûlizen hat de gemeente in ramt foar it kultuerbelied. Oan 'e hân fan trije tema's, meidwaan, mei-inoar en nij & aktueel, wolle wy in nije ympuls jaan oan kultuerpartisipaasje yn de gemeente. Behâld en fuortsterkjen fan besteande kultueruterings en it stimulearjen en fasilitearjen fan nije aktiviteiten op it mêd fan kultuer.

Foech ried/kolleezje
De ried stelt de kultuernota fêst, wêrmei't der in ramt is foar it kultuerbelied. It kolleezje stelt it útfieringsplan fêst en jout dêrnei útfiering oan de aktiviteiten.

Ynlieding
De hjoeddeistige kultuernota's foar Achtkarspelen en Tytsjerksteradiel binne fan 2008. De ôfrûne jierren wiene der grutte maatskiplike opjeften en ek de kommende jierren sil dat it gefal wêze. Dêrneist wurdt de eigen krêft fan de mienskip hieltyd wichtiger, mei as gefolch in feroarjende rol fan de gemeente en relaasje tusken ynwenners en oerheid. Dat binne foar ús redenen om nij kultuerbeleid te ûntwikkeljen, mei as resultaat in mienskiplike kultuernota op haadlinen foar Achtkarspelen en Tytsjerksteradiel.

Histoarje
Op 25 novimber 2021 is de Kultuernota Ut de kûlizen yn de gearkomste fan de ried bepraat, mar net oannommen. Yn dy riedsgearkomste is ien amendemint oannommen en binne der trije moasjes oannommen. De trije moasjes binne ferwurke yn it útfieringsplan fan de kultuernota (kursyf oanjûn). It amendemint is net ferwurke omdat it riedsútstel net oannommen is. De kultuernota sels is bleaun sa't er wie. In oanpaste, ambisjeuzere nota freget om mear budzjet en amtlike kapasiteit en dêr ha wy net foar keazen.

Yn jo gearkomste fan 25 novimber is ek praat oer de musea yn de gemeente. It Mobiel Oorlogsmuseum yn Gerkeskleaster en it Legomuseum yn Droegeham binne nei foaren kommen. Dizze musea, mar ek it Museum/Oudheidkamer yn Gerkeskleaster, ha wy net mear opnommen yn de kultuernota. Dat komt werom yn in notysje oer it subsidiearjen fan musea yn Achtkarspelen.

Te berikken effekt
- Ramt foar it kultuerbeleid fan Achtkarspelen en Tytsjerksteradiel
- Breed kultureel oanbod om aktive likegoed as passive dielname oan kultueruterings fuort te sterkjen

Arguminten
1.1 De hjoeddeistige kultuernota's binne fan 2008
De ôfrûne jierren wiene der grutte maatskiplike opjeften en ek de kommende jierren sil dat it gefal wêze. Dêrneist wurdt de eigen krêft fan de mienskip hieltyd wichtiger, mei as gefolch in feroarjende rol fan de gemeente en relaasje tusken ynwenners en oerheid.

1.2 In nije kultuernota jout mooglikheden foar nije ympulsen
Hoewol't der noch altyd útfiering jûn wurdt oan de hjoeddeistige kultuernota's, jout in nij ramt ek wer mooglikheden foar nije ympulsen.

Alternativen
Net fan tapassing.

Kanttekenings
3.1 It is in kar om de ryksjilden yn te setten foar kultuer op lange termyn
De ôfrûne twa jier hat de kulturele sektor troch koroana plat lein. Om kultuer yn dizze swiere perioade te stypjen ha gemeenten jild fan it ryk krigen foar koroanakompensaasje. Dizze ryksjilden binne lykwols net earmerke foar kultuer op de lange termyn.

Finânsjes
As bylage by de kultuernota is in útfieringsplan taheakke mei dêryn nije aktiviteiten op it mêd fan kultuer. Dy sille wy de kommende jierren útfiere neist de besteande aktiviteiten. Foar útfiering fan de nije aktiviteiten is ekstra jild nedich. Foar beide gemeenten betsjut dat totaal € 75.000 (rûzing) foar de kommende twa jier. Yn 2020 en 2021 ha de gemeenten ryksjild krigen foar koroanakompensaasje yn de kulturele sektor. Ofrûne jier en ek foar de earste helte fan dit jier ha jo dêrfoar in subsydzjeregeling fêststeld. It restant fan beide subsydzjeregelingen wolle wy safolle as mooglik brûke as dekking foar de nije kulturele aktiviteiten yn 2022 en 2023 en dêrmei it fuortsterkjen fan kultuer. Foar de strukturele aktiviteiten fan 2024 ôf wolle wy € 7.000 struktureel opnimme yn de begrutting.

Ynwenners- en oerheidspartisipaasje
De kultuernota is op ynteraktive wize ta stân kommen. Yn jannewaris 2021 is der in digitale startgearkomste west foar ynwenners, organisaasjes en riedsleden fan Achtkarspelen en Tytsjerksteradiel. Wy ha begjin 2021 ek in enkête op de websides fan beide gemeenten pleatst. Yn trije ferfolchgearkomsten ha kultueroanbieders en -partisipanten praat oer de trije tema's fan de kultuernota. Dat hat resultearre yn in útfieringsplan. Foar de jongerein ha wy in priisfraach útskreaun om in kultuerprojekt te betinken oan 'e hân fan de trije tema's. Der binne sân projekten yntsjinne, dy't de kommende tiid útfierd wurde sille.

Yntegraliteit

Finansjeel belied stimt yn mei dit útstel. Sawol meiwurkers fan it sosjaal as romtlik domyn binne belutsen west by de tarieding fan de kultuernota.

Previnsje
Net fan tapassing.

Gearwurking
De Kultuernota Ut de kûlizen is in beliedsnota op haadlinen foar beide gemeenten. De kultuernota is op 25 novimber 2021 fêststeld yn de gemeenteried fan Tytsjerksteradiel en leit no op 'e nij ta fêststelling foar yn Achtkarspelen.

Ferfolchtrajekt / kommunikaasje
Yn gearwurking mei kultueroanbieders en -partisipanten sille wy fan 2022 ôf útfiering jaan oan de aksjepunten yn it útfieringsplan.

Evaluaasje
Nei fjouwer jier is der in evaluaasje fan de aktiviteiten yn it útfieringsplan. Dy evaluaasje sil foar kundskip (fia de LIS) nei jo takomme.

Bûtenpost, 18 jannewaris 2022

It kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Achtkarspelen,

sekretaris,	boargemaster,
dhr. mr. M.P. de Jong	dhr. mr. O.F. Brouwer

Konsept riedsbeslút

De ried fan de gemeente Achtkarspelen;

lêzen it útstel fan it kolleezje fan boargemaster en wethâlders d.d. 18 jannewaris 2022, punt nr.: 19;

Beslút:
1. de Kultuernota Ut de kûlizen fêst te stellen;
2. it útfieringsplan foar kundskip oan te nimmen;
3. it restant fan de ryksmiddels koroanakompensaasje kultuer te brûken foar dekking fan it útfieringsplan 2022 en 2023, mei in maksimum fan € 75.000;
4. fan 2024 ôf € 7.000 op te nimmen yn de begrutting as dekking fan de strukturele aktiviteiten en dat mei te nimmen yn de earstfolgjende kadernota.

Lykas fêststeld yn de iepenbiere gearkomste fan de
ried fan de gemeente Achtkarspelen fan 3 maart 2022.

De griffier,

Dhr. mr. G.J. Andringa

De foarsitter,

Dhr. mr. O.F. Brouwer